

Jierferslach Nut en Nocht 2019

De ledegearkomste fan dit jier wie op 29 maart en de animo hâlde mei njoggen leden dy't de muoite naam hienen net oer. De needsaaklike dingen waarden besprutsen sadat wy wer mei ynmoed it nije keatsseizoen yngean koene. Dat foel begjin maaie net ta want it wie op de fiifde maaie fan dit jier tige fris, mar krekt tsien graden by de jongespartij troch elkoar lotsjen fan de KNKB. Sterker noch, wy moasten even skûlje foar in hagelbui. De winners wienen Steven Koster fan Tsjom, Allard van Wigcheren fan Berltsum en Simon van der Vaart fan Spannum want hja krigen yn fiif omlopen mar fiif earsten tsjin.

In lytse fjirtjin dagen letter op 18 maaie koenen de leden oan de bak op de earste ledepartij. Seis hearen en njoggen dames joegen har op en dat koe fansels better. Nei it lotsjen mei in kypjende sinne waard it dochs in moaie keatsdei. Taede Weidenaar, Roelie Dijkstra en Nynke Swart wienen favoryt en makken dat ek wier. Op 5-5 en 6-4 waard de finale pas ôfsletten.

De tradisjonele Himelfeartpartij op tongersdei 30 maaie waard hâlden mei acht partoer yn it fjild en in twirjende wyn wêr't de iisbaan hast in abonnemint op hat. Freerk Haisma, foarsitter Wilco de Bruin en Tsjikke Bijlsma wûnen de earste priis.

Op sneon 8 juny stie de 'Koningspartij' op it program mar dy namme die gjin rjocht oan it tal dielnimmers want der wienen mar tolve dames en hearen dus in 'Koningspartij' wie krekt in te grut wurd. Der wie wol mear yn 'e war, de hjerst fersinde him yn de tiid en dat betsjutte in soad buien, hurde wyn en dus waard de partij útsteld nei 6 july. En dêr hie gjinien beswier tsjin.

Op woansdei 19 juny stie it pearkekeatsen op it program mei yn de B-klas fjouwer partoer. Eelke de Vries en Renske Dijkstra wienen yn de finale Douwe en Sjoukje de baas. Yn de A-klas wisten Gerrit Meijer en Jantina Rozema alle partijen te winnen.

Op 6 july waard dan dochs de keningspartij hâlden dy't sa as sein earder ôflast wie. By de dames fjouwer partoer op de list en Baukje Terpstra, Jantina Rozema en Neeltje Visser wûnen de finale ek al wie it wol spannend. Pas op 5-5 en 6-6 wie it dien doe't de keats foarbyslein waard. Baukje Terpstra waard útroppen ta keningin fan de partij en dat fernuvere har sels ek.

Yn de B-klas seis partoer, it hâlden fan in A-klas partij koe net. Pieter Bergsma, Wilco de Bruin en Sjouke Hellinga wûnen de krânsen mei Hellinga as kening. En sa koe it barre dat de twaling Hellinga/Hellinga-Terpstra kening en keningin waarden. Yn de moarntiid wie der noch in ledepartij foar de jeugd dat al twa kear net trochgean koe fanwege te min animo. No keatsten trije partoer in heale kompetysje en de earste priis wie foar Gerard Boersma, Fenna Koster en Niek Visser.

De tradysjonele federaasje ôfdielingspartij op 9 july trof it bysûnder mei it waar, sterker noch it wie tropys. Damwâld wie mei Sjoukje Kooistra en Baukje Terpstra it sterkste fan de trije partoer dy't meidienen by de dames. Yn de A-klas hâlde it ek net oer mei twa partoer. Driezum wie om dy reden ree om mei te dwaan en hie mei

Pieter Ele Kuitert, Jan Boonstra en Jacob Boersma in twadde priis wylst de earste priis nei Damwâld gie mei Sietze Wiersma, Taede Weidenaar en Gosse Hellinga. Yn de B-klasse wist Broeksterwâld it mei Minne Kooistra, Berry Sjoerdstra en Klaas Visser te winnen. Nei ôfrin wie elts bliid mei it skaad fan de beammen rûn it fjild.

It skoallekeatsprojekt fan april fan de keatsbûn koe dit jier noch gjin ferfolch krije op it fjild om't de aginda fan de KNKB krekt te fol wie. Takommend jier moatte wy der op tiid by wêze by de keatsbûn om it wol troch gean te litten. Op tiisdei 9 july wie der in 'kabouterspel' organisearre foar de lytsten fan alle skoallen. Fjirtjin jonges en famkes dienen mei en der wie in soad wille by de spultsjes dy't mei spesjale ballen spile waarden. Rick Rozema en Jouke van der Ploeg wûnen de earste priis.

Op 3 augustus de fakânsjepartij foar leden mar ek foar net-leden. By de froulju trije partoer mei as winners Esther Turkstra en Femke Marije Klaver. By de mannen dienen acht partoer mei en de winners wienen Sjoerd van der Ploeg en Jeldrik Doevendans.

Lyanne Jongsma wûn op 17 augustus de twadde priis by de welpen KNKB yn Boalsert mei Lieke Triemstra fan Sint Jabik. Op 25 augustus koe der in krâns ophongen wurde foar Lyanne dy't yn Húns de priis wûn mei Anna Lotte van Beem fan Dronryp.

De ledepartij fan 18 augustus hie by de froulju trije partoer op de list mei as winners Dyonda Spiegelhaar en in sterk keatsende Janny Bouius. By de mannen stienen fjouwer partoer yn it fjild en Gosse Hellinga en good-old Sikke Dantuma wienen de winners.

Op snein 1 septimber wie Nut en Nocht foar de twadde kear yn de skiednis gasthear fan in KNKB Dames Hoofdklasse partij. Troch in geweldige sponsorgroep wie der mar leafst foar 1800 euro oan prizenjild, foar ien kear gelyk steld oan it prizenjild dat by de manlju betiden is te fertsjinjen. It fjild seach der troch it grutte tal frijwilligers wer kreas út en ek oan taskôgers gjin brek. It wie oan de haadklassers om it ta in moaie middei te meitsjen. Spitigernôch wie it te folle 5-1 of 5-0 en spanning is dochs wol nedich om in moaie partij te ha. Mar de ferskillen wienen op dizze sneintemiddei te grut. Ilse Tuinenga, Sjanet Wijnia en Manon Scheepstra wienen yn de finale mei 5-1 en 6-6 fierstente sterk foar Nynke Sybrandy, Imke van der Leest en Marrit Zeinstra. De lytse preemje wie foar Tineke Dijkstra, Sandra Hofstra en de jeugdtrainer fan de keatsklup Louise Krol. Nei ôfrin de neisit met de Swinging Stars.

In wike letter kamen de KNKB Schooljongens en schoolmeisjes op besite, wer op snein, en de dei wie al like moai. In groep mei wol wat talint, by de skoalfamkes wûnen Lianne Scharringa fan Dronryp en Suzanna Allema fan Nijewier wylst Sjouke Beimers fan Bitgummole, Wiebe van Wier fan Peins en Nick van der Walt fan Seisbierrum de krânsen mei nei hûs namen. It wie tagelyk de lêste partij fan it jier en dus wie Johannes Siegersma der om út namme fan de KNKB de klassemintsprizen út te rikken. By de skoalfamkes wie dat Noa Elzinga fan Boalsert en by de skoaljonges Jan-Tymen Eisma fan Frjentsjer. En wy meie net ferjitte dat Fenna

Koster op dizze dei noch de earste priis wûn yn de 'herkansing' by de KNKB welpen famkes yn Stiens.

Oan alles komt in ein en foar Nut en Nocht wie dat op 15 septimber mei de ôfslutende Zilveren Sieraden Partij. Nei ôfrin barbekjû foar alle frijwilligers en dielnimmers. Der wie troch flyers en fia Facebook in soad omtinken jûn oan de partij en dat betsjutte dat der 'grensoverschrijdend' in keatser fan Hitsum meidie. En dat net allinne, hy gie ek noch mei de krânse nei hûs. By de 'heren' mar leafst 16 partoer op de list en de winners wiene Willem Miedema fan Hitsum dus en Johan Postma. By de dames seis partoer en hjir wûnen Geertje Bijlsma, Janny Bouius en Marieke Wielstra dy't foar it earst keatste. Dat de barbekjû goed foel die wol bliken want de minsken bleaunen lang warber en hingjen.

En sa wie it keatsseizoen wer foarby, de keatsklup wie twa prachtige parasols riker mei de opdruk fan sponsor Spar en Nut en Nocht dy't allinne brûkt meie wurde troch de keatsferiening. Fierder is der noch in 'waterontharder' pleatst sadat it probleem mei de dûsen ek oplost is en dat betsjut ek dat it kofjesetapparaat net mear ûntkalke hoecht te wurden. It lei eins yn de bedoeling dat der in terrasskerm komme soe mar dat is opskood nei 2020. De kezingen binne klear en it is de bedoeling se foar it keatsseizoen te pleatsen en 'glasdicht' te ha.